



Oan: de leden fan Prov. Steaten fan Fryslân  
Twibaksmerk 52  
Postbus 20120  
8900 HM LJOUWERT

Itens/Drachten, 24 augustus 2018

*Ûnderwerp:* Lêswizer by de taheakke publikaasje *Makabere dûns om de keardoelen Frysk hinne*; in oersjoch fan hoe't polityk (oerheid) en skoallen omgeane mei de keardoelen Frysk foar it basisûnderwiis yn it tiidrek 1993-2017.

Rju achte Steateleden,

Nei oanlieding fan de op 22 desimber 2016 organisearre fakkeloptocht fan de boargeraksgroep *Sis Tsiis* foar in better plak fan it Frysk yn it hiele Fryske ûnderwiis die de fraach him foar wat der dan fôar dy tiid hieltiten mis gien wie. Koartlyn yn 2014 krige de provinsje Fryslân noch in beskieden foech fan it Ryk oer foar it fêststellen fan de keardoelen Frysk, mar noch altiten wie it net dúdlik oft it Frysk in folweardich en lykberjochtige plak krije soe yn it hiele ûnderwiisfjild.

De taheakke publikaasje jout fan de ynfiering fan keardoelen yn it ûnderwiis (yn 1993) ôf in analyse fan de feitlike gong fan saken by de ymplementaasje fan de keardoelen Frysk yn it *basisûnderwiis*. Al yn 1980 is it Frysk yn ús provinsje in ferplichte *fak* wurden en bestie de mooglikheid de taal ek as fiertaal te brûken, mar fan in slagge ynfiering op alle basisskoallen is noch gjin sprake. De ynfierde keardoelen – bedoeld as in mienskiplik *basisoanbod* yn de skoallen – jouwe gauris oanlieding ta diskusje oer it *wêrom* fan en it *hoefier* mei it Frysk op skoalle. Wy jouwe hjirûnder in beheind oersjoch fan wat yn de paragrafen fan de *Makabere dûns* op it aljemint komt.

#### 1. Paragraaf 1 en 2: *De ynterpretaasje fan de keardoelen Frysk*

By guon skoalbestjoeren ûntstiet al rillegau in diskusje oer de *funksje* fan de keardoelen Frysk: is it in *oanbodferplichting* foar de *skoalle* of in *prestaasjeferplichting* foar de *learlingen*? Yn it lêste gefal wurde de keardoelen troch guon as net 'helber' beskôge.

#### 2. Paragraaf 3 en 4: *It loslitten fan de (oan dy foar it Hollânsk) spegele keardoelen Frysk*

As in oplossing foar de yn guon eagen as net 'realistysk' beskôge keardoelen Frysk wurdt in yngripende *ynhâldlike* reduksje fan dy keardoelen útsteld mei de mooglikheid om neist folsleine ek *parsjele* ûntheffing fan ûnderwiis yn it Frysk ta te stean. Soks allinnich foar it Frysk. It idee dêrefter wie dat troch *minder easken* te stellen, de skoallen faaks better motivearre wêze soene om *better* ûnderwiis yn it Frysk te jaan.

#### 3. Paragraaf 5, 6 en 7: *It omgean mei de ferskillen yn behearsking fan it Frysk by de bern*

In provinsjale wurkgroep stelt út om – lykas de praktyk by alle oare fakken – te kiezen foar *yndividuele* differinsjaasje *binnen* de klasse of groep (op groepsnivo dus): elts bern kriget dêrmei folslein de kâns om neffens syn of har mooglikheden optimale learresultaten te heljen. De keardoelen (as basisoanbod) hoege net yn nivo ferlege te wurden, al giet it Ryk dêr wol fan út.

De provinsje kiest foar differinsjaasje op *skoalnivo* (*dus foar alle learlingen itselde ienheidsprogramma*): de skoalle kin dan ‘kieze’ foar in tige ‘redusearre’ programma neffens ‘eigen skoal-ambysje’ en de ‘feardigens’ fan in ûnderstelde trochsneed fan learlingen. Yn de praktyk kin de ûnderwiisynspeksje gjin wêzentlike ferbetterings konstatare.

#### 4. Paragraaf 9, 10, 11 en 12: *Desintraalisaasje fan in beheind foech nei de provinsje*

De ynstelde rykskommisje-Hoekstra advisearre posityf oer in beheinde foechoerdracht op it stik fan de keardoelen Frysk en it jaan fan ûntheffings. It Ministearje fan ûnderwiis is dêr fûl op tsjin en dat soarget derfoar dat de Twadde Keamer de útwreide taak fan de provinsje oan tige beheinende betingsten bynt. Twa foarbylden:

- a. It Ryk hâldt yn dat ramt de **inferantwurdlíkheid** en by de skoallen moat der **draachflak** wêze. De skoallen krije sadwaande fierhinne in frijbrief om de keardoelen Frysk neffens eigen opfettings al of net yn harren programma op te nimmen. Mei rjocht en reden hawwe de Raad van State en benammen ek it Consultatief Orgaan protestarre tsjin dy gong fan saken, omdat de skoalle dan op de stoel fan de ‘wetjouwer’ komt te sitten en de dieling fan machten geweld oandien wurdt.

- b. De provinsje waard ferplichte ta **oerlis** mei de skoallen oer it fêststellen fan de keardoelen Frysk en de mjitte fan ûntheffings. Foar it jaan fan (parsjele) ûntheffings kiest de provinsje dan foar **it behearskingsnivo fan it Frysk yn de skoalle(mienskip)**. De dêrop basearre útstelde profilen hâlde lykwols gjin rekken mei de altiten besteande ferskillen yn taalbehearsking by de yndividuele bern yn de groep en likemin mei de funksje fan de keardoelen, mar biede de skoalle reduksjemoglikheden foar programma’s mei ien of mear keardoelen. Foar gjin inkeld oar fak yn Nederlân wurdt foar differinsjaasje op ‘skoalnivo’ keazen – wol normaal op ‘groepsnivo’- en boppedat is de earstneamde oanpak folslein yn striid mei de besteande wetlike eask fan ‘passend onderwijs’. Foar in programma foar ‘Nederlandse Taal’ of rekkenjen soe der net oer prakkesearre wurde om de measte en wichtichste keardoelen foar sa’n fak te skrassen as der bygelyks bern fan flechtlingen of bern mei oare swierrichheden yn de groep sitte. Foar it Frysk wurdt dy mooglikheid wol bean en dêrmei wurdt it learen en brûken fan it Frysk by de bern yn Fryslân slim ûnderstek dien. De earste resultaten fan it ûndersyk fan de kommisje Walsweer jouwe dat ek oan.

#### 5. Paragraaf 13: *Frysk ûnderwiis ‘realistysk’?*

Benammen tsjinstanners fan it Frysk op skoalle hantearje de stelling dat (goed) ûnderwiis yn it Frysk net ‘helber’ of net ‘realistysk’ wêze soe. Dêrby jouwe ornaris gjin feiten en objektive arguminten, mar emosjonele, taalpolitike of (negative) taalideologyske opfettings de trochslach. In slim te negearjen fraach dêrby is wêrom’t Frysktalige bern wól (goed) Hollânsk en Hollânsktalige bern nét (goed) Frysk leare **kinne** soene.

#### 6. Paragraaf 14: *It belied hifke en beoardiele*

Om komme te kinnen ta in beoardieling fan it ûnderwiisbelied op it stik fan it Frysk binne in tal útgongspunten as noarm keazen. De konklúzje kin net oars wêze as dat it oant no ta net slagge is om it Frysk op alle skoallen in lykwaardich en lykberjochtige plak te jaan neffens in yntegraal meartalich ûnderwiiskonsept. Ek al wiene en binne de bedoelings fan Ryk en provinsje faaks goed, it is mei sizzen net te dwaan. It belied wie en is noch altiten benammen rjochte op it ‘beskermjen’ fan de net-Frysktalige bern tsjin (goed) ûnderwiis yn Frysk, wêrby’t ek de Frysktalige bern amper in kâns krije harren taal as *kultuertaal* te learen en te brûken (de eigen taal goed lêze en skriuwe kinne). Wat soks betsjut foar harren *identiteitsfoarming* en de takomst fan it Frysk as *kultuertaal* lit him no maklik riede.

### 7. Paragraaf 15: *Oanbefelling: in echte ymplementaasjestrategjy*

Allinnich skoallen de 'tiid' jaan om it ûnderwiis yn it Frysk op oarder te bringen, hat net wurke (sjoch de perioade 1980-2017) en sil dat yn 'e takomst likemin dwaan. Foar de (taal)emansipaasje fan de Fryske mienskip is mear nedich om út syn maatskiplik efterstelde posysje te kommen. Troch de nije regeljouwing fan nei 2014 is de posysje fan it Frysk formeel earder ferswakke as fersterke.

Foar in goede ymplementaasje is it needsaaklik om beliedsmjittich en ûnderwiiskundich foar it Frysk as fak en fiertaal deselde wei te gean as dy foar it Hollânsk: effektyf tafersjoch op de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk, saakkundigens op dat mêd fan alle learkrêften en it ûntwikkeljen fan nij (yntegraal meartalich) ûnderwiismateriaal ek foar oare fakken om ferantwurde lesjaan te kinnen yn de meartalige skoalle. Mei minder as in lykweardich plak foar it Frysk kin it net ta.

Wy hoopje dat dizze lêswizer derta liede sil om yngeander kennis te nimmen fan de taheakke publikaasje oer de begrutlike makabere dûns om de kearndoelen Frysk hinne yn belied en op in protte skoallen: *Omtinken foar it Frysk prima, mar net op (ús) skoalle*. En dat dy kennis in rol spylje sil yn in politike beslútfoarming dy't folslein rjocht docht oan de Fryske mienskip mei in lykweardich plak foar de taal.

Mei rju achtginge,

drs. Th. Dykstra, *foarsitter FFU*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer FFU*

*Taheakke: drs.Th. Dykstra, Makabere dûns om de kearndoelen Frysk hinne, desimber 2017 (útjûn yn eigen behear)*